

Regeling fan 15 desimber 2015 foar wiziging fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân

Deputearre Steaten fan Fryslân,

mei it each op de Algemiene Subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013,

beslute:

fêst te stellen de neikommende regeling foar wiziging fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân;

Kêst I

Haadstik 1 Algemiene bepalings

A.

Kêst 1.1 komt der sa út te sjen:

Kêst 1.1 Begrypsbepalings

- a. *ASV*: Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013;
- b. *boppelokaal belang*: it doelpublyk omfiemet ynwenners fan mear gemeenten;
- c. *breedtesport*: sport, mar gjin topsport, dy't troch alle lagen fan de befolking op amateurbasis beoefene wurde kin;
- d. *erkende sport*: sport dêr't in sportbûn foar is dy't by it NOC*NSF oansletten is;
- e. *erfgoed*: sawol materieel as ymmaterieel erfgoed yn de provinsje Fryslân;
- f. *Fryske sporten*: keatsen, fierljeppen, skûtsjesilen, damjen Frysk spul, skoalreedriden en de Fryske hynstesport;
- g. *Fryske taal en Frysktalich*: it Frysk en in yn Fryslân aktyf brûkte Fryske streektaal;
- h. *Frisistyk*: wittenskip dy't de Fryske taal en kultuer bestudearret;
- i. *Iepenloftspul*: Frysktalige (muzyk)teaterproduksje, of in (muzyk)teaterproduksje yn in Fryske streektaal dy't yn de iepen loft útfierd wurdt yn de perioade fan maaie oant oktober yn hokker jier dan ek;
- j. *jeugdliteratuer*: literatuer yn boekfoarm dy't him troch styl, ynhâld en tematyk rjochtet op de jongerein fan 12 oant 16 jier;
- k. *lesoere*: de tiidsienheid dêr't in beskaat fak yn ûnderwiisd wurdt;
- l. *meartaligens*: it brûken fan it Frysk en op syn minst ien oare taal;
- m. *personielkosten*: kosten yn ferbân mei it ynhieren of it gebrûk meitsjen fan betelle persoanen, besteande út direkte of yndirekte leankosten of in oare fergoeding yn jild;
- n. *play-offwedstriden*: wedstriden nei ôfrin fan de reguliere kompetysje fan de feriening, mei ien fan de neikommende doelen: útmeitsje wa't / hokker tiim (nasjonaal) kampioen wurdt; útmeitsje wa't / hokker tiims promovearje of degradearje sille; útmeitsje wa't / hokker tiim yn in ynternasjonale kompetysje útkomme mei;
- o. *poadiumkeunsten*: artistike dissiplines dy't op in poadium beoefene wurde;
- p. *profesjoneel*: de útfierende minsken binne toankeunstner en hâlde harren beropsmjittich dwaande mei de produksje fan poadiumkeunsten;
- q. *publikaasje*: publisearre oarspronklik, literêr wurk yn papieren, digitale of auditive boekfoarm, of in senario fan in telefyzjesearje, film of toanielstik dat útstjoerd of opfierd is;
- r. *sekundêre literatuer*: teksten dy't ferwize nei of in synteze meitsje fan literêr of wittenkiplik wurk;
- s. *sportclinic*: in wurkwinkel dy't te'n doel hat om minsken yn 'e kunde komme te litten mei in beskate sport of om ekstra feardichheden by te bringen;
- t. *sportevenemint*: wedstriid, toernoai of oare beweechaktiviteiten op it mêd fan sport, organisearre troch in sportferiening, stichting of oare organisaasje;
- u. *topsport*: sport op nasjonaal of ynternasjonaal prestaasjenivo of profesjonele sport;
- v. *útjefte-oerienkomst*: oerienkomst tusken auteur en útjouwerij oangeande de eksploitaasjerjochten op de publikaasje dêr't op syn minst de bepalings oer it royalty-persintaazje en de lisinsje yn oerienkommen binne, sa't dat bygelyks yn it Modelkontraakt GAU/VvL regele is foar de útjefte fan oarspronklik Nederlânsktalich literêr wurk;

- w. *útjouwerij*: rjochtspersoan dy't trochrinnend bedriuwaktiviteiten út 'e wei set foar de útjefte fan literêre wurken;
- x. *útkeaporganisaasje*: organisaasje dy't it risiko fan programmearjen fan foarstellings nimt;
- y. *VO*: fuortset ûnderwiis, te witten vmbo, havo en vwo.

Haadstik 2 Fryske taal

B.

Paragraaf 2.1 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.1 Frysktalige literatuer

Kêst 2.1.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om it skriuwen fan oarspronklike Frysktalige fiksje, non-fiksje en toanielstikken te befoarderjen.

Kêst 2.1.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar it skriuwen fan:

- a. oarspronklike Frysktalige jeugdliteratuer;
- b. de earste Frysktalige publikaasje fan in skriuwer;
- c. oarspronklike Frysktalige sekondêre literatuer;
- d. in yn de Nederlânske, Ingelske of Dútske taal skreaun wittenskiplik wurk oer in ûnderwerp dat mei de frisytyk anneks is en dat ek yn de Fryske taal ferskynt;
- e. in oarspronklik Frysktalich toanielstik.

Kêst 2.1.3 Doelgroep

- 1. Subsydzje foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a oant en mei d, wurdt inkeld en allinne oan natuerlike persoanen beskikber steld.
- 2. Subsydzje foar de aktiviteit bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e, wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan rjochtspersoanen mei folslein rjochtsfoech dy't harren rjochtsje op it produsearjen of opfieren fan toaniel.

Kêst 2.1.4 Oanfraachperioade

- 1. In oanfraach foar subsydzje kin ynstjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
- 2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.1.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.1.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de hichte fan it frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- b. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net helber is.
- c. de oanfreger foar in aktiviteit as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a, al earder foar sa'n soarte fan aktiviteit subsydzje krigen hat, mar de oanbelangjende publikaasje noch net publisearre is.

Kêst 2.1.7 Hifkingskriteria

- 1. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a, jildt dat om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, oan de neikommende kritearia foldien wurdt:
 - a. de oanfreger hat, wannear't de oanfraach yntsjinne wurdt, op syn minst ien Frysktalich boek of publikaasje publisearre op grûn fan in útjefte-oerienkomst;
 - b. de oanfreger hat in oerienkomst mei in útjouwer sletten foar útjefte fan it wurk dat mei de oanfraach ferbân hâldt, en
 - c. de publikaasje is by it fêststellen fan it subsydzje noch net ferskynd.
- 2. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder b, jildt dat om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, oan de neikommende kritearia foldien wurdt:

- a. wannear't de oanfraach yntsjinne wurdt, hat de oanfreger op syn minst trije Frysktalige stikken, dy't in ûnôfhinklike redaksje beoardiele hat, publisearre op in Frysk literêr platfoarm op ynternet of yn in tydskriftfoarm;
 - b. de oanfreger hat in oerienkomst sletten mei in útjouwer foar de útjefte fan it wurk dêr't de oanfraach mei ferbân hâldt, en
 - c. de publikaasje is by it fêststellen fan it subsidzje noch net ferskynd.
3. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder c en d jildt dat om foar subsidzje yn 'e beneaming te kommen, oan de neikommende kritearia foldien wurdt:
- a. de oanfreger hat, wannear't er de oanfraach yntsjinnet:
 - 1°. op syn minst ien Frysk- of Nederlânsktalich wurk yn it sjenre sekundêre literatuer op grûn fan in útjefte-oerienkomst of in oar sekundêr wurk oer de Fryske literatuer publisearre;
 - 2°. op syn minst ien Frysk- of Nederlânsktalige dissertaasje publisearre oer in ûnderwerp dat mei de frisistyk ferbân hâldt; of
 - 3°. op syn minst trije Frysk- of Nederlânsktalige stikken publisearre yn in wittenskiplik medium.
 - b. de oanfreger hat in oerienkomst sletten mei in útjouwer foar útjefte fan it wurk dat mei de oanfraach ferbân hâldt, en
 - c. de publikaasje is by it fêststellen fan it subsidzje noch net ferskynd.
4. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e jildt dat om foar subsidzje yn 'e beneaming te kommen, de aktiviteit útfierd wurdt troch in auteur dy't him oanwiisber beropsmjittich mei skriuwen dwaande hâldt.

Kêst 2.1.8 Hichte subsidzje

1. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a, bedraacht it subsidzje € 7.500.
2. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder b, bedraacht it subsidzje € 5.000.
3. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder c en d, bedraacht it subsidzje € 10.000.
4. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e, bedraacht it subsidzje € 2.000.

Kêst 2.1.9 Ferdielsystematyk aktiviteiten kêst 2.1.2, ûnder a oant en mei d

1. Yn it gefal fan in aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a oant en mei d, oarderje Deputearre Steaten de foar subsidzjeferliening yn 'e beneaming kommende folsleine oanfragen sadanich dat in oanfraach heger oardere wurdt neigeraden dat dy mear oan de oanbelangjende hifkingskritearia foldocht.
2. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a, jilde de neikommende hifkingskritearia:
 - a. it nivo fan literêre kwaliteit fan it oeuvre dat de oanfreger opboud hat en de ûntwikkeling dêryn, soks oant de datum fan yntsjinjen fan de oanfraach;
 - b. it nivo fan literêre kwaliteit fan de meast resinte publikaasjes yn boekfoarm fan de oanfreger, wêrby't hifke wurdt op de eleminten styl, komposysje, taalgebrûk, karaktertekening, ynventiviteit, tematyk, spanning en ferteltechnyk;
 - c. it kwaliteitsnivo fan it yntsjinne wurkplan, wêrby't hifke wurdt op de eleminten oarspronklikens, tematyk en helberens;
 - d. yn hoefier't de publikaasje oan it ferskaat fan it oanbod fan Frysktalige jeugdliteratuer bydraacht.
3. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder b, jilde de neikommende hifkingskritearia:
 - a. it nivo fan literêre kwaliteit fan de meast resinte publikaasjes fan de oanfreger, wêrby't hifke wurdt op de eleminten styl, komposysje, taalgebrûk, karaktertekening, ynventiviteit, tematyk, spanning en ferteltechnyk;
 - b. it kwaliteitsnivo fan it yntsjinne wurkplan, wêrby't hifke wurdt op de eleminten oarspronklikens, tematyk en helberens.
4. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder c en d, jilde de neikommende hifkingskritearia:
 - a. it belang fan it ûnderwerp foar de letterkunde of de kultuerskiednis fan Fryslân;
 - b. de kennis fan de oanfreger oer it ûnderwerp;
 - c. de kwaliteit fan eventueel earder ûndersyk fan de oanfreger;
 - d. essayistyske ûnderfining en stilistyske feardigens fan de oanfreger;
 - e. de motivearring fan de kar foar it ûnderwerp en de haadpersoan(en);
 - f. de foarnommen oanpak fan it projekt;
 - g. de kwaliteit fan de synopsis en de eventuele wurkhypoteze;
 - h. de beskikberens fan relevant argyf materiaal en oare boarnen;
 - i. de planning fan it projekt.
5. Foar de oardering hifkje de neamde kritearia like swier.

6. Deputearre Steaten ferpertsje it beskikbere bedrach yn de folchoarder fan de oardering. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydze foar oanfragen, dy't like heech oardere binne, it subsydzeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
7. It komt net ta in oardering fan oanfragen as it maksimaal beskikber te stellen subsydzebedrach leger is as it subsydzeplafond.

Kêst 2.1.10 Ferdielsystematyk aktiviteiten kêst 2.1.2, ûnder e

- a. Subsydze foar aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e, wurde ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydze-oanfragen. Dêrby jildt dat de datum fan ynkommen de datum is dat de oanfraach folslein is.
- b. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydze foar oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 2.1.11 Ferplichtings fan de subsydzeûntfanger

1. Oan de subsydzjeferliening wurdt foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder a, b en d yn alle gefallen de ferplichting ferbûn dat it boek binnen in jier nei de datum fan it fêststellen fan it subsydze yn de hannel brocht is en it boek te krijen is by boekhannels dy't by de *Koninklijke Boekverkopersbond* oansletten binne.
2. Oan de subsydzjeferliening wurdt foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder c, yn alle gefallen de ferplichting ferbûn dat it boek binnen fjouwer jier nei de datum fan it fêststellen fan it subsydze yn de hannel brocht is en it boek te krijen is by boekhannels dy't by de *Koninklijke Boekverkopersbond* oansletten binne of op in algemien tagonklik plak op ynternet of as lûdsdrager te krijen is.
3. Oan de subsydzjeferliening wurdt foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e, yn alle gefallen de ferplichting ferbûn dat:
 - a. it toanielstik binnen twa jier nei de datum fan it fêststellen fan it subsydze troch in toanielferiening yn de provinsje Fryslân opfierd wurdt;
 - b. de tekst fan it toanielstik fergees beskikber steld wurdt oan toanielferienings dy't it stik opfiere wolle.

Kêst 2.1.12 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydze wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.
2. De subsydzeûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydze foar beskikber steld is, útfierd is troch it oerlizzen fan ien eksimplaar fan de oanbelangjende boektitel of de tekst fan it toanielstik.
3. Yn it gefal fan de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.1.2, ûnder e, ferklearret de subsydzeûntfanger yn oanfolling op it foargeande lid, nei in yn de beskikking neamde termyn, dat it toanielstik opfierd is.

C.

Paragraaf 2.2 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.2 Oersetten en bewurkjen fan literatuer

Kêst 2.2.1 Doel

It subsydze hat te'n doel om it oersetten fan oarspronklike Frysktalige fiksje, non-fiksje en toanielstikken te befoarderjen.

Kêst 2.2.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydze kin beskikber steld wurde foar:

- a. it oersetten fan oarspronklike Frysktalige fiksje en non-fiksje yn in oare taal;
- b. it oersetten fan oarspronklik net-Frysktalige fiksje en non-fiksje yn it Frysk;
- c. de oersetting fan in jeugdboek yn it Frysk út in oare taal wei as it Nederlânsk en dy't net yn de Nederlânske taal publisearre waard;
- d. it oersetten en bewurkjen fan in toanielstik yn de Fryske taal.

Kêst 2.2.3 Doelgroep

Subsydze wurdt inkeld en allinne beskikber steld:

- a. foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder a, b en c: oan in erkende útjouwer;

- b. foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder d: oan in rjochtspersoan mei folslein rjochtsfoech fan wa't de aktiviteiten meastepart op toaniel rjochte binne.

Kêst 2.2.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't Deputearre Steaten fêststeld hawwe.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere, as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.2.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.2.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit ek sûnder subsydzje útfierd wurde kin;
- b. de hichte fan it subsydzje dêr't om frege is net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- c. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net te ferwêzentlikjen is;
- d. de subsydzjeferliening derta liedt dat mear as twa oanfragen fan deselde oanfreger tagelyk subsidiearre wurde salang't de oanbelangjende publikaasjes noch net publisearre binne;
- e. de boektitel of it toanielstik al yn de oanbelangjende taal oerset is.

Kêst 2.2.7 Hifkingskritearia

1. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder a, b en c jildt dat de oersetting útfierd wurdt troch in by it *Nederlands Genootschap van Tolken en Vertalers* of by de *Vereniging van Letterkundigen* oansletten oersetter of troch in oersetter dy't al op syn minst ien oersetting by in erkende útjouwer publisearre hat.
2. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder d, jildt dat de oersetting útfierd wurdt troch immen dy't oanwiisber beropsmjittich oerset.

Kêst 2.2.8 Hichte subsydzje

1. Foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder a oant en mei c, bedraacht it subsydzje € 0,08 it wurd, mei in maksimum fan € 7.500.
2. Foar de aktiviteit, as bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder d, bedraacht it subsydzje € 0,08 it wurd, mei in maksimum fan € 1.500.

Kêst 2.2.9 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 2.2.10 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

1. Oan de subsydzjeûntfanger wurdt foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder a oant en mei c, yn alle gefallen de ferplichting ferbûn dat it boek binnen in jier nei de datum fan it fêststellen fan it subsydzje yn de hannel brocht is en it boek te krijen is by boekhannels dy't by de *Koninklijke Boekverkopersbond* oansletten binne.
2. Oan de subsydzjeferliening wurdt foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder d, yn alle gefallen de ferplichting ferbûn dat:
 - a. it toanielstik binnen twa jier nei de datum fan it fêststellen fan it subsydzje troch in toanielferiening yn de provinsje Fryslân opfierd wurdt;
 - b. de tekst fan it toanielstik fergees beskikber steld wurdt oan toanielferienings dy't it stik opfiere wolle.

Kêst 2.2.11 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.

2. De subsydjeûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydje foar beskikber steld is, útfierd is troch it oerlizzen fan ien eksimplaar fan de oanbelangjende boektitel.
3. Yn it gefal fan de aktiviteit, bedoeld yn kêst 2.2.2, ûnder d, ferklearret de subsydjeûntfanger yn oanfolling op it foargeande lid, nei in yn de beskikking neamde termyn, dat it toanielstik opfierd is.

D .

Paragraaf 2.3 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.3 Frysk mediafûns

Kêst 2.3.1 Doel

De doelstelling fan it Frysk mediafûns is om by te dragen oan de fernijing fan de parsebedriuwstûke en sjoernalistike ferdjipping yn Fryslân.

Kêst 2.3.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydje kin beskikber steld wurde foar aktiviteiten dy't ferbân hâlde mei:

- a. ûndersyk nei of ûntwikkeling fan de fernijing fan de sjoernalistyk yn Fryslân en fernijing en fersteviging fan de bân tusken (kennis)sjoernalistyk en de Fryske mienskip, of
- b. sjoernalistyk ûndersyk nei maatskiplike ûntwikkelings yn Fryslân op it mêd fan de kwaliteit fan it libbensfermidden, regionale (kennis)ekonomy, meartaligens en Frysk, kultuer, duorsumens of ynfrastruktuer.

Kêst 2.3.3 Doelgroep

Subsydje wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan profesjonele mediabedriuwen yn Fryslân mei rjochtspersoonlikheid en folslein rjochtsfoech. De sjoernalistike aktiviteiten dêrfan moatte op in boppelokale doelgroep yn Fryslân rjochte wêze.

Kêst 2.3.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.3.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.3.6 Wegeringsgrûnen

In subsydje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit ek sûnder subsydje útfierd wurde kin;
- b. de hichte fan it subsydje dêr't om frege is net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- c. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net te ferwêzentlikjen is.

Kêst 2.3.7 Subsidiabele kosten

1. As subsidiabele kosten komme inkeld en allinne dy kosten yn 'e beneaming dy't nei it oardiel fan Deputearre Steaten ridlikerwize makke wurde moatte om in aktiviteit út te fieren, útsein de kosten dy't yn kêst 2.3.9. neamd wurde.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslaggen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.
3. It subsydje is net mear as 50% fan alle subsidiabele kosten mei-inoar út de begrutting.
4. Opbringsten fan de aktiviteit wurde by it fêststellen fan it subsydje op de subsidiabele kosten yn mindering brocht.

Kêst 2.3.8 Net-subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme yn alle gefallen net foar subsydje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't makke en betelle binne foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- b. reis- en ferbliuwskosten;

- c. net-spesifisearre kosten.

Kêst 2.3.9 Ferdielsystematyk

1. Deputearre Steaten oarderje de oanfragen dy't foar subsydzjeferliening yn 'e beneaming komme sadanich dat in oanfraach heger oardere wurdt neigeraden dat dy mear oan de oanbelangjende hifkingskritearia beäntwurdet.
 2. De oanfragen wurde oan de neikommende kritearia hifke:
 - a. yn hoefier't oan de doelstelling fan it Frysk Mediafûns bydroegen wurdt;
 - b. yn hoefier't de aktiviteit aktueel is;
 - c. de beëage en ferwachte effekten, soks yn ferbân mei it subsydzje dêr't om frege is;
 - d. yn hoefier't der in breed draachflak is;
 3. Foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.3.2 ûnder a jilde as oanfoljende kritearia:
 - a. yn hoefier't der effekten foar de langere termyn binne;
 - b. yn hoefier't de aktiviteiten fernijings ta stân bringe yn ynhâld en strekking, wize fan eksploitaasje of foarmjouwing fan sjoernalistike funksjes as nijsgarring, nijstsjutting of opinyfoarming, sadat it parseferskaat grutter wurdt en dêrmei in fernijende bydrage oan de sjoernalistike ynformaasje-foarsjenning levere wurdt;
 - c. yn hoefier't de bân tusken sjoernalistyk en de Fryske mienskip fernijd en ferstevige wurdt;
 - d. yn hoefier't de aktiviteiten de parsebedriuwstûke as gehiel skewiele;
 - e. yn hoefier't in gearwurkingsprojekt tusken media bydraacht oan de sjoernalistike ynfratraktuer op de koarte of lange termyn.
- 4 Foar de aktiviteiten as bedoeld yn kêst 2.3.2 onder b jilde as oanfoljende kritearia:
- a. yn hoefier't de aktiviteit bydraacht oan it fergrutsjen fan it kennisnivo fan de maatskiplike ûntwikkelings yn Fryslân, yn it bysûnder op it stik fan de kwaliteit fan it libbensfermidden, regionale (kennis)ekonomy, meartaligens, kultuer, duorsumens of ynfratraktuer;
 - b. yn hoefier't it projekt ynhâldlik of kwa eachpunt of oanpak boppe de reguliere sjoernalistyk útstekt;
 - c. yn hoefier't nij sjoernalistyk ûndersyk dien wurdt (literatuerûndersyk, argyfûndersyk, oare research, petearen, fraachpetearen).
 5. Foar de oardering hifkje de neamde kritearia like swier.
 6. Deputearre Steaten stelle in advyskommisje yn dy't de taak hat om oer de oardering fan de oanfragen te advisearjen.
 7. Deputearre Steaten stelle foar de advyskommisje in reglemint fêst.
 8. Deputearre Steaten ferpartsje it beskikbere bedrach neffens de folchoarder fan de oardering. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar oanfragen, dy't like heech oardere binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
 9. It komt net ta in oardering fan oanfragen as it maksimaal beskikber te stellen subsydzjebedrach leger is as it subsydzjeplafond.

Kêst 2.3.10 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Deputearre Steaten kinne by subsydzjeferliening de ferplichting oplizze dat de subsydzjeûntfanger meiwurket oan oerlis oer en presintaasje en publikaasje fan tusken- en einresultaten fan de útfiering fan de aktiviteiten dêr't subsydzje oan jûn is, soks om fernijende projekten yn it omtinken te bringen, sadat dy te'n geunste fan oare partijen yn de sektor komme kinne.

Kêst 2.3.11 Prestaasjeferantwurdig

1. De subsydzjeûntfanger lit, op grûn fan in ferklearring oangeande de werklike útjeften en ynkkomsten, sjen dat de aktiviteit útfierd is.
2. Yn de ferklearring as bedoeld yn it earste lid jout de subsydzje-oanfreger yn alle gefallen oan:
 - a. dat de aktiviteiten dêr't subsydzje foar beskikber steld is, útfierd binne, soks mei in koarte taljochting dêrby;
 - b. hoe't foldien is oan de ferplichtings dy't mei it subsydzje anneks binne;
 - c. wat it bedrach mei-inoar is fan de werklik makke subsidiabele kosten;
 - d. wat it bedrach mei-inoar is fan de werklik ta stân brochte opbringsten, bydragen fan treden dêryn begrepen, en
 - e. wat it bedrach mei-inoar is fan de ferwêzentlike eigen bydrage.
3. By de ferklearring as bedoeld yn it earste lid leit de subsydzjeûntfanger in rekken oer – troch himsels fêststeld – ferbân hâldend mei de aktiviteit en dy't sadanich ynrochte is dat de bedraggen dy't mei de útfiering anneks binne dêr ôfsûnderlik út ôf te lieden binne.

Kêst 2.3.12 Befoarskotting en betelling

It foarskot bedraacht op syn meast 50% fan it beskikber stelde bedrach.

E.

Paragraaf 2.4 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.4 Promoasje Frysktalige boeken

Kêst 2.4.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om de promoasje fan Frysktalige fiksje en non-fiksje te befoarderjen.

Kêst 2.4.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin foar aktiviteiten foar de promoasje fan it Fryske boek beskikber steld wurde.

Kêst 2.4.3 Doelgroep

Subsydzje wurdt oan natuerlike persoanen en rjochtspersoanen beskikber steld.

Kêst 2.4.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.4.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.4.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de hichte fan de frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- b. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net helber is.

Kêst 2.4.7 Hifkingskritearium

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, is de aktiviteit nei it oardiel fan Deputearre Steaten sadanich opset dat ridlikerwiis ferwachte wurde mei dat de te subsidiearjen aktiviteiten realistysk útfierd wurde sille en de yn kêst 2.4.1 omskreaune doelstelling helle wurde sil.

Kêst 2.4.8 Subsidiabele kosten

Foarsafier needsaaklik en gaadlik komme alle kosten foar subsydzje yn 'e beneaming, útsein de kosten dy't yn kêst 2.4.9 neamd wurde.

Kêst 2.4.9 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme yn alle gefallen net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't makke en betelle binne foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- b. reis- en ferbliuwskosten;
- c. kosten dy't ferbân hâlde mei de útjefte fan in boek;
- d. net-spesifisearre kosten.

Kêst 2.4.10 Hichte subsydzje

It subsydzje bedraacht op syn meast 75% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 2.250.

Kêst 2.4.11 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen. Dêrby jildt dat de datum fan ynkommen de datum is dat de oanfraach folslein is.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 2.4.12 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

De skriftlike kommunikaasjemiddels, rjochte op it publyk, wurde yn alle gefallen yn de Fryske taal steld.

Kêst 2.4.13 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.

2. De subsydze-ûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydze foar beskikber steld is, útfierd is en hoe't oan de ferplichtings foldien is dy't mei de subsydzjefêststelling anneks binne.
- 3.

F.

Paragraaf 2.5 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.5 Frysk taalgebrûk

Kêst 2.5.1 Doel

It subsydze hat te'n doel om de fysike sichtberens fan de Fryske taal yn it iepenbiere libben en de publike romte yn Fryslân te fergrutsjen.

Kêst 2.5.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydze kin foar de neikommende aktiviteiten beskikber steld wurde:

- a. aktiviteiten dy't de fysike sichtberens en it praktysk brûken fan de Fryske taal yn de Fryske mienskip oanwiisber fergrutsje en dêrmei de posysje fan dy taal ferstevigje;
- b. aktiviteiten dy't te krijen hawwe mei de ekstra kosten fan it ûntwikkeljen fan in Frysktalige ferzje fan in net-Frysktalige webside;
- c. it oersetten fan skriftlike kommunikaasjemiddels dy't foar it publyk bedoeld binne, nei de Fryske taal.

Kêst 2.5.3 Doelgroep

Subsydze wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan:

- a. in ûndernimming, stichting, ynstelling of in feriening mei folslein rjochtsfoech, dy't yn Fryslân kantoar hâldt of Fryslân as wurkgebiet hat;
- b. Fryske gemeenten mei in fêststeld beliedsplan oangeande it brûken fan de Fryske taal yn dy gemeente.

Kêst 2.5.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydze kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydze-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.5.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydze wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.5.6 Hifkingskritearia

1. Om foar subsydze yn 'e beneaming te kommen moat in oanfraach nei it oardiel fan Deputearre Steaten foldwaan oan de neikommende kritearia.

De aktiviteit:

- a. moat bydrage oan de beliedsdoelstellingen fan de provinsje;
 - b. moat bedoeld wêze foar publyk tagonklike romten, tsjinsten of ynformaasje.
2. In oanfraach fan in gemeente as bedoeld yn kêst 2.5.3, ûnderdiel b, moat passe yn it troch dy gemeente fêststelde taalbelied.

Kêst 2.5.7 Hichte subsydze

1. It subsydze bedraacht op syn minst € 100 en op syn meast € 1.250 foar ien ôfsûnderlike aktiviteit.
2. Oars as yn it earste lid oanjûn is, bedraacht it subsydze foar oersetaktiviteiten € 0,10 it wurdt, oant in maksimum fan € 750.

Kêst 2.5.8 Ferdielsystematyk

1. Subsydze wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydze-oanfragen. Dêrby jildt dat de datum fan ynkommen de datum is dat de oanfraach folslein is.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydze foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
3. Oan in oanfreger wurdt op syn heechst ienris yn in kalinderjier subsydze foar deselde aktiviteit beskikber steld.

Kêst 2.5.9 Ferplichtings fan de subsydzeûntfanger

1. Oan de subsydzeûntfanger kinne by it beskikber stellen fan it subsydze ferplichtings oangeande de fersprieding en it berik fan it kommunikaasjemiddel oplein wurde.
2. As it subsydze ferbân hâldt mei in aktiviteit as bedoeld yn kêst 2.5.2, ûnderdiel a en c, dan wurdt oan de subsydzeûntfanger yn alle gefallen de ferplichting oplein dat it kommunikaasjemiddel op syn minst foar de oarspronklike doelgroep sichtber wêze moat, salang't it ûnderwerp dêr't it ferbân mei hâldt aktueel is.
3. As it subsydze ferbân hâldt mei in aktiviteit as bedoeld yn kêst 2.5.2, ûnderdiel b, dan wurdt de subsydzeûntfanger yn alle gefallen de ferplichting oplein dat de webside op syn minst fjouwer jier nei de beskikking ta fêststelling fan it subsydze yn stân holden wurde moat.

Kêst 2.5.10 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydze wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêstelling in beskikking ta subsydzeferliening foarôfgiet.
2. De subsydzeûntfanger lit, as dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn sjen dat de oersetaktiviteit dêr't subsydze foar beskikber steld is, útfierd is troch it tastjoeren fan it oersetkommunikaasjemiddel of in ferwizing nei it digitale fynplak fan it oersetmiddel, en hoe't foldien is oan de ferplichtings dy't mei it fêststellen fan it subsydze anneks binne.
3. As it subsydze beskikber steld is foar oare saken as oersetaktiviteiten, dan moat de yn in twadde lid bedoelde ferantwurdig mei it tastjoeren fan yn de beskikking neamde stikken stal krije.

G .

Paragraaf 2.6 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 2.6 Útjaan Frysktalige literatuer

Kêst 2.6.1 Doel

It subsydze hat te'n doel om it útjaan fan oarspronklike Frysktalige fiksje en non-fiksje te befoarderjen.

Kêst 2.6.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydze kin beskikber steld wurde foar it útjaan fan in papieren, digitaal of audityf boek yn de Fryske taal.

Kêst 2.6.3 Doelgroep

Subsydze wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan in erkende útjouwer of in stichting dy't him foar it meastepart dwaande hâldt mei de Fryske taal of dy't as streektaalorganisaasje tsjinnet.

Kêst 2.6.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydze kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydze-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 2.6.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydze wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 2.6.6 Wegeringsgrûnen

In subsydze wurdt wegere as:

- a. de hichte fan it frege subsydze net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- b. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net helber is;
- c. de oanfreger earder al foar sa'n aktiviteit subsydze krigen hat, mar de oanbelangjende publikaasje net publisearre is;
- d. de oanfreger foar in aktiviteit, as bedoeld yn kêst 2.6.2, yn it rinnende kalinderjier al foar tolve boektitels subsydze krigen hat.

Kêst 2.6.7 Hifkingskritearia

Om foar subsydze yn 'e beneaming te kommen, wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

- a. it modelkontrakt fan de Groep Algemene Uitgevers en de Vereniging van Letterkundigen wurdt brûkt of, yn it gefal fan in audityf boek, in kontrakt dat grûn hat yn dat modelkontrakt.
- b. de boektitel is net earder útjûn yn de foarm dêr't subsydze foar frege wurdt.

Kêst 2.6.8 Hichte subsydze

It subsydzje bedraacht:

- a. Foar de publikaasje fan fiksje en non-fiksje foar jongerein en folwoeksenen yn boekfoarm: op syn meast € 2.000;
- b. Foar de publikaasje fan in audityf of digitaal boek op syn meast € 1.600;
- c. Foar de publikaasje fan in dichtbondel op syn meast € 1.000
- d. Foar de publikaasje fan in novelle op syn meast € 1.000.

Kêst 2.6.9 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen. Dêrby jildt dat de datum fan ynkommen de datum is dat de oanfraach folslein is.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 2.6.10 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Oan de subsydzjeûntfanger wurdt yn alle gefallen de ferplichting oplein dat:

- a. it boek binnen in jier nei de datum fan de subsydzjefêststelling yn de hannel brocht is en it boek by boekhannels dy't oansletten binne by de Koninklijke Boekverkopersbond te krijen is;
- b. foarsafier't it om in audityf of digitaal boek giet, de boektitel op in algemien tagonklik plak op ynternet of as lûsdrager te krijen is;
- c. alle jierren oan de provinsje ferslach útbrocht wurdt oer hoefolle publikaasjes, dêr't de lêste fiif jier subsydzje foar ûntfongen is, úteinlik ferkocht binne.

Kêst 2.6.11 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.
2. De subsydzje-ûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydzje foar beskikber steld is, útfierd is troch it tastjoeren fan de oanbelangjende boektitel of in ferwizing nei it digitale fynplak.

Haadstik 3 Kultuer

H .

Paragraaf 3.1 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 3.1 Brûsfûns

Kêst 3.1.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om safolle mooglik ynwenners fan Fryslân aktyf of passyf oan kulturele aktiviteiten meidwaan te litten om de kânsen foar de eigen ûntjouwing te fergrutsjen en om de ûnderlinge ferbûnens fan minsken fuort te sterkjen, yn it bysûnder yn de Fryske doarpen.

Kêst 3.1.2 Subsidiabele aktiviteiten

Der kin subsydzje beskikber steld wurde foar kulturele aktiviteiten yn Fryslân.

Kêst 3.1.3 Doelgroep

1. Subsydzje wurdt inkeld en allinne oan rjochtspersoanen mei folslein rjochtsfoech beskikber steld.
2. Der wurdt gjin subsydzje beskikber steld oan:
 - a. ynstellings dy't in boekjersubsydzje fan de provinsje krije, of it moat wêze dat hja as projektpartner diel fan in gearwurkingsferbân útmeitsje dêr't hja net it grutste finansjele oanpart yn de projekt-kosten hawwe en net de haadoanfreger binne;
 - b. skoallen dêr't basisûnderwiis jûn wurdt, útsein spesjale skoallen foar basisûnderwiis en skoallen foar spesjaal ûnderwiis.

Kêst 3.1.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 3.1.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 3.1.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit yn it ramt fan kultueredukaasje op in basisskoalle útfierd wurdt, of it moat wêze dat de aktiviteit op in spesjale skoalle foar basisûnderwiis of op in skoalle foar spesjaal ûnderwiis útfierd wurdt;
- b. de aktiviteit ta de reguliere bedriuwsfiering fan de oanfreger rekkene wurde kin;
- c. der in oare provinsjale subsydzjeregeling is op grûn wêrfan't foar de aktiviteit subsydzje oanfrege wurde kin;
- d. de aktiviteit yn it ramt fan regulier ûnderwiis útfierd wurdt;
- e. de aktiviteit him rjochtet op it ûntwikkeljen fan lesmateriaal;
- f. de aktiviteit ek sûnder subsydzje ferwêzentlike wurde kin;
- g. de oanfraach rjochte is op it ta stân bringen fan in byld- of lûdsregistraasje;
- h. de hichte fan it frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- i. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is.

Kêst 3.1.7 Hifkingskritearia

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

- a. de eleminten ûnderwiis of meartaligens meitsje yntegraal diel út fan de aktiviteit;
- b. de aktiviteit kin yn de provinsje Fryslân as fernijend sjoen wurde yn de sin fan oanpak, gearwurkingsferbannen, foarm of produkt-merk-kombinaasjes;
- c. yn kofinansiering fan op syn minst in fearn fan it beskikber te stellen subsydzje is foarsjoen.

Kêst 3.1.8 Subsidiabele kosten

1. Foarsafier't it needsaaklik en gaadlik is, komme alle kosten foar subsydzje yn 'e beneaming, útsein de kosten dy't yn kêst 3.1.9 neamd wurde.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydzje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslagen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.

Kêst 3.1.9 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't makke en betelle binne foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- b. reis- en ferbliuwskosten;
- c. net spesifisearre kosten.

Kêst 3.1.10 Hichte subsydzje en kofinansiering

1. De hichte fan it subsydzje is op syn meast 75% fan de folsleine subsidiabele kosten oant in maksimum fan € 50.000.
2. Troch Deputearre Steaten fan Fryslân beskikber stelde provinsjale middels kinne net as kofinansiering opfierd wurde.
3. Kofinansiering kin foar op syn meast 50% út frijwilligerswurk bestean. De oeren fan frijwilligers dy't streekrjocht oan de realisasje fan in aktiviteit ta te rekkenjen binne en dy't net op oare grûnen subsidiearre binne of wurde kinne, kinne yn it ramt fan kofinansiering opfierd wurde mei in maksimum fan € 35,- yn 'e oere.

Kêst 3.1.11 Ferdielsystematyk

1. Deputearre Steaten oarderje de foar subsydzjeferliening yn 'e beneaming kommende oanfragen sadanich, dat in oanfraach heger oardere wurdt neigeraden dat dy better oan de neikommende hifkingskritearia beäntwurdet:
 - a. yn hoefier't de aktiviteit njonken kultuer ek te krijen hat mei meartaligens of ûnderwiis, en dêr't it kreëarjen fan gearhing tusken kultuer en meartaligens en kultuer en ûnderwiis sintraal stiet;
 - b. yn hoefier't der kofinansiering is;
 - c. yn hoefier't der kofinansiering is troch ien of mear gemeenten;
 - d. yn hoefier't troch amateurs of frijwilligers yn de frije tiid oan it ta stân bringen fan de aktiviteit bydroegen wurdt;
 - e. it ferwachte tal dielnimmers oan de aktiviteit;
 - f. yn hoefier't de aktiviteit bydraacht oan kultuerpartisipaasje yn de Fryske doarpen;
 - g. de beëage en ferwachte effekten oangeande de hichte fan it frege subsydzje.
2. Foar de oardering hifkje de neamde kritearia like swier.

3. Deputearre Steaten ferpertsje it beskikbere bedrach yn de folchoarder fan de oardering. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar oanfragen, dy't like heech oardere binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
4. It komt net ta in oardering fan oanfragen as it maksimaal beskikber te stellen subsydzjebedrach leger is as it subsydzjeplafond. Yn dat gefal hifkje Deputearre Steaten oft de oanfragen goedernôch oan de neamde kritearia beäntwurdzje.

Kêst 3.1.12 Prestaasjeferantwurdig

1. De subsydzjeûntfanger lit op grûn fan in ferklearring oangeande werklike útjeften en ynkkomsten sjen dat de aktiviteit útfierd is.
2. Yn de ferklearring as bedoeld yn it earste lid jout de subsydzjeûntfanger yn alle gefallen oan:
 - a. dat de aktiviteiten dêr't subsydzje foar beskikber steld is, útfierd binne, soks mei in koarte taljochting dêrby;
 - b. hoe't foldien is oan de ferplichtings dy't mei it subsydzje anneks binne;
 - c. wat it bedrach mei-inoar is fan de werklik makke subsidiabele kosten;
 - d. wat it bedrach mei-inoar is fan de werklik ta stân brochte opbringsten, bydragen fan treden dêryn begrepen, en
 - e. wat it bedrach mei-inoar is fan de ferwêzentlike eigen bydrage.
3. By de ferklearring as bedoeld yn it earste lid leit de subsydzjeûntfanger in rekken oer – troch himsels fêststeld – ferbân hâldend mei de aktiviteit en dy't sadanich ynrochte is dat de bedraggen dy't mei de útfiering anneks binne dêr ôfsûnderlik út ôf te lieden binne.

Kêst 3.1.13 Befoarskoting en betelling

It foarskot bedraacht op syn meast 70% fan it beskikber stelde bedrach.

I.

Paragraaf 3.2 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 3.2 Leechdrompelige kulturele aktiviteiten

Kêst 3.2.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om it leechdrompelige kulturele oanbod fuort te sterkjen, om dêrmei in sa grut mooglik part fan de befolking fan Fryslân en syn besikers de kâns te jaan om aktyf en passyf oan kulturele aktiviteiten mei te dwaan.

Kêst 3.2.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar:

- a. it organisearjen fan in kulturele aktiviteit;
- b. it gearstallen fan in katalogus foar in útstalling;
- c. it útjaan fan in audityf, digitaal of papieren boek mei erfgoed as ûnderwerp;
- d. begelieding troch profesjonele musisy fan de repetysjes en de útfiering fan in foarstelling troch in amateurkoar út Fryslân;
- e. moetingen, kulturele aktiviteiten en stúdzjedagen dy't organisearre wurde tusken Frysktaligen en bûtenlânske minderheidstaalgroepen.

Kêst 3.2.3 Doelgroep

1. Subsydzje wurdt inkeld en allinne oan rjochtspersoanen mei folslein rjochtsfoech beskikber steld.
2. Subsydzje foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder d, wurdt inkeld en allinne oan in amateurkoar beskikber steld.
3. Der wurdt gjin subsydzje oan rjochtspersoanen dy't in boekjiersubsydzje krije beskikber steld, útsein as hja as projektpartner diel útmeitsje fan in gearwurkingsferbân, dêr't hja net it grutste finansjele oanpart yn de projektkosten yn hawwe en as hja net de haadoanfreger binne.

Kêst 3.2.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy bûten in perioade ynkommen binne dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 3.2.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 3.2.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit rekkene wurde kin ta de gewoane bedriuwsfiering of taak fan de oanfreger;
- b. de aktiviteit ek sûnder subsydzje útfierd wurde kin;
- c. de oanfraach rjochte is op it meitsjen fan in byld- of lûdsregistraasje;
- d. de hichte fan it frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- e. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is.

Kêst 3.2.7 Hifkingskritearia

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

1. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder a:
 - a. de aktiviteit hat in boppelokaal belang;
 - b. mear as de helte fan it wurk wurdt troch lokale amateurs en frijwilligers útfierd;
 - c. de aktiviteit is iepenbier tagonklik.
2. Foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder b:
 - a. de útstalling is iepenbier tagonklik;
 - b. de aktiviteit hat net te krijen mei in werútjefte.
3. Foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder c:
 - a. it boek is oeral te krijen;
 - b. de aktiviteit hat net te krijen mei in werútjefte.
4. Foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder d:
 - a. de aktiviteit hat in boppelokaal belang;
 - b. lokale amateurs en frijwilligers binne aktyf belutsen by de organisaasje fan de aktiviteit;
 - c. de útfiering is iepenbier tagonklik.

Kêst 3.2.8 Subsidiabele kosten

1. Ûnfermindere wat dêr yn kêst 1.10 fan de Algemiene subsydzjeferoardering en de kosten sa't dy yn kêst 3.2.9 neamd binne oer fêststeld is, komme foarsafier needsaaklik en gaadlik, alle kosten foar subsydzje yn 'e beneaming.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydzje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslaggen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.
3. Foarsafier't it giet om aktiviteiten as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder e, binne de neikommende kosten, foarsafier needsaaklik en gaadlik, subsidiabel:
 - a. kosten foar de organisaasje fan ynternasjonale kontakten op it mêd fan de twataligens yn Fryslân, mei in maksimum fan € 2.250;
 - b. kosten, makke troch fertsjintwurdigers fan organisaasjes yn Fryslân, dy't yn it ramt fan ynternasjonale útwikseling nei minderheidstaalgebieten yn it bûtenlân geane mei in maksimum fan € 750.

Kêst 3.2.9 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't makke en betelle binne foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- b. ferbliuwskosten;
- c. net-foarsjoene kosten.

Kêst 3.2.10 Hichte subsydzje en kofinansiering

1. De hichte fan it subsydzje as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder a oant en mei d, bedraacht op syn meast 90% fan de folsleine subsidiabele kosten oant in maksimum fan:
 - a. € 1.000 foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder a;
 - b. € 2.000 foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder b en c;
 - c. € 500 foar de aktiviteiten, as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder d.
2. De hichte fan it subsydzje as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder e, bedraacht 100% fan de op grûn fan kêst 3.2.8, tredde lid, yn 'e beneaming kommende subsidiabele kosten.
3. Troch Deputearre Steaten beskikber stelde provinsjale middels kinne net as kofinansiering opfierd wurde by it ferkrijen fan subsydzje op grûn fan oare provinsjale regelings.

Kêst 3.2.11 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen. De datum dat de oanfraach folslein is, jildt dêrby as datum fan ynkommen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 3.2.12 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Oan de subsydzjeûntfanger wurdt yn it gefal fan in aktiviteit as bedoeld yn kêst 3.2.2, ûnder c, yn alle gefallen de ferplichting oplein dat:

- a. de aktiviteit binnen in jier nei datum fan de subsydzjeferliening útfierd wurdt;
- b. der foar it boek in isbn-nûmer oanfrege wurdt;
- c. in eksimplaar fan it boek fergees beskikber steld wurdt oan Tresoar, Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert;
- d. in eksimplaar fan it boek fergees beskikber steld wurdt oan it Koninklijke Bibliotheek Depot van Nederlandse Publicaties & Nederlandse Bibliografie, Postbus 74, 2501 AJ De Haach.

Kêst 3.2.13 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.
2. De subsydzjeûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydzje foar beskikber steld is, útfierd is en hoe't oan de ferplichtings foldien is dy't mei it fêststellen fan it subsydzje anneks binne.

J.

Paragraaf 3.3 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 3.3 Produksje profesjonele poadiumkeunsten en muzykkomposysjes

Kêst 3.3.1 Doel

Realisaasje fan produksjes op it mêd fan muzyk, teater en dûns of in mingfoarm dêrfan, makke troch professionals, mei it doel om in heechwaardich kwalitatyf oanbod fan poadiumkeunsten yn Fryslân te garandearjen.

Kêst 3.3.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar:

- a. it gehiel fan tariedend wurk foar it ta stân bringen fan in teater-, muzyk- of dûnsproduksje of in mingfoarm dêrfan, en
- b. it meitsjen fan in profesjonele muzykkomposysje.

Kêst 3.3.3 Doelgroep

1. Subsydzje wurdt inkeld en allinne oan rjochtspersoanen mei folslein rjochtsfoech beskikber steld.
2. Der wurdt gjin subsydzje oan beskikber steld oan rjochtspersonen dy't in boekjiersubsydzje fan de provinsje krije, of it moat wêze dat hja as projektpartner diel fan in gearwurkingsferbân útmeitsje, dêr't hja net it grutste finansjele oanpart yn de projektkosten hawwe en net de haadoanfreger binne.

Kêst 3.3.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 3.3.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 3.3.6 Weigeringsgronden

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit ek sûnder subsydzje útfierd wurde kin;
- b. de hichte fan it subsydzje dêr't om frege is net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;

- c. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is;
- d. de aktiviteit ferbân hâldt mei it bewurkjen of it op 'en nij útfieren fan in ûntwikkele produksje of komposysje;
- e. der in oare provinsjale subsydze foar de aktiviteit ferliend is.

Kêst 3.3.7 Hifkingskritearia

Om foar subsydze yn 'e beneaming te kommen wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

- a. de artystyk lieder fan de produksje is op syn minst twa jier beropsmjittich aktyf mei it meitsjen fan produksjes of komposysjes;
- b. de makker hat mear produksjes of komposysjes makke;
- c. de makker fan in profesjonele muzykkomposysje hat syn oplieding oan in konservatoarium ôfmakke.

Kêst 3.3.8 Ferdielsystematyk

1. Deputearre Steaten oarderje de foar subsydzjeferliening yn 'e beneaming kommende folsleine oanfragen sadanich dat in oanfreger heger oardere wurdt nei't dy mear foldocht oan de oanbelangjende hifkingskritearia yn ferhâlding ta de oare oanfragen.
2. Oanfragen wurde oan de neikommende hifkingskritearia hifke:
 - a. it nivo fan artistike kwaliteit fan de aktiviteit, mei it each op:
 - 1°. it nivo fan oarspronklikens: de eigenheid en werkenbere artistike sinjatuer fan de produksje;
 - 2°. it nivo fan sizzenskrêft: yn hoefier sprekt de aktiviteit it publyk oan en witte de makkers it publyk te reitsjen, prikeljen of te ferrassen.
 - b. it nivo fan ûndernimmerskip: yn hoefier is der sprake fan finansjele bydragen út de merk;
 - c. útfieringspotinsje: de kwaliteit fan it plan en de strategy om de produksje ek echt ta útfiering komme te litten;
 - d. yn hoefier't de produksje bydraacht oan it ferskaat fan it aanbod fan produksjes yn Fryslân.
3. Foar de oardering weagje de hifkingskritearia like swier.
4. De troch Deputearre Steaten ynstelde advyskommisje Kultuer advisearret oer de oardering fan de oanfragen.
5. Deputearre Steaten stelle foar de advyskommisje in reglemint fêst.
6. Deputearre Steaten ferparsje it beskikbere bedrach yn de folchoarder fan de oardering. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydze foar oanfragen dy't like heech oardere binne, it subsydzeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
7. It komt net ta in oardering fan oanfragen as it maksimaal te ferlienen subsydzebedrach leger is as it subsydzeplafond.

Kêst 3.3.9 Net-subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydze yn 'e beneaming:

- a. buro- en húsfestingskosten;
- b. kosten makke foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- c. reis-, ferbliuws- en akkomodaasjekosten;
- d. kosten foar apparatuer en ynstruminten;
- e. kosten dy't ferbân hâlde mei de útfiering fan de produksje;
- f. eksploitaasjekosten;
- g. ynvestearrings;
- h. kosten foar marketing en public relations.

Kêst 3.3.10 Subsidiabele kosten

1. Ûnfermindere wat dêr yn kêst 1.10 fan de Algemiene subsydzjeferoardering en de kosten sa't dy yn kêst 3.3.9 neamd binne oer fêststeld is, komme alle kosten foar subsydze yn 'e beneaming dy't streekrjocht oan it meitsjen fan de produksje ta te rekkenjen binne.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydze yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslagen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.

Kêst 3.3.11 Hichte subsydze en kofinansiering

1. De hichte fan it subsydze bedraacht op syn meast 50% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 15.000,-.

2. Oars as yn it foargeande lid oanjûn is, bedraacht it subsydzje foar in Frysktalige toaniel- of muzykproduksje op syn meast 75% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 15.000,-.

Kêst 3.3.12 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Oan de subsydzjeûntfanger wurdt yn it gefal fan in aktiviteit as bedoeld yn kêst 3.3.2, ûnder a, yn alle gefallen de ferplichting oplein dat de produksje binnen twa jier nei datum fan subsydzjeferliening yn Fryslân útfierd wurdt.

Kêst 3.3.13 Prestaasjeferantwurdig

1. De subsydzjeûntfanger lit, op grûn fan in ferklearring oangeande werklike útjeften en ynkomen, sjen dat de aktiviteit útfierd is.
2. Yn de ferklearring as bedoeld yn it earste lid jout de subsydzjeûntfanger yn alle gefallen oan:
 - a. dat de aktiviteiten dêr't subsydzje foar ferliend is, útfierd binne, mei in koarte taljochting derby;
 - b. hoe't oan de ferplichtings foldien is dy't mei it subsydzje ferbân hâlde;
 - c. wat it folsleine bedrach fan de makke subsidiabele kosten is;
 - d. wat it folsleine bedrach fan de ta stân brochte opbringsten, de bydragen fan treden dêryn begrepen, is; en
 - e. wat it folsleine bedrach fan de ta stân brochte eigen bydrage is.
3. By de ferklearring as bedoeld yn it earste lid leit de subsydzjeûntfanger in troch him fêststelde rekken oer, dy't ferbân hâldt mei de aktiviteit en dy't sadanich ynrjochte is dat dêrút de aparte bedraggen, dy't mei de útfiering anneks binne, ôfsûnderlik ôf te lieden binne.

K .

Paragraaf 3.4 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 3.4 Iepenloftspullen

Kêst 3.4.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om de kultuerpartisipaasje yn in lokale mienskip fuort te sterkjen.

Kêst 3.4.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar de produksje en de útfiering fan in iepenloftspul.

Kêst 3.4.3 Doelgroep

1. Subsydzje wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan stichtings of ferienings dy't op it momint fan oanfreegjen ien of mear iepenloftspullen produsearre hawwe.
2. Der wurdt gjin subsydzje beskikber steld oan rjochtpersoanen dy't in boekjiersubsydzje fan de provinsje krije, of it moat wêze dat hja as projektpartner diel útmeitsje fan in gearwurkingsferbân dêr't hja net it grutste finansjele oanpart yn de projektkosten hawwe en net de haadoanfreger binne.

Kêst 3.4.4 Oanfraachperiode

1. In oanfraach kin yntsjinne wurde yn de oanfraachperiode dy't Deputearre Steaten dêrfoar fêststeld hawwe.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 3.4.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 3.4.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje kin wegere wurde as:

- a. de aktiviteit, sa't bliken docht út de begrutting dy't by de oanfraach oerlein wurdt, ek sûnder subsydzje ta stân brocht wurde kin;
- b. de aktiviteit bedoeld is foar it ta stân bringen fan in byld- of lûdregistraasje;
- c. de hichte fan it subsydzje dêr't om frege is net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- d. der nei it oardiel fan Deputearre Steaten in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net te ferwêzentlikjen is.

Kêst 3.4.7 Hifkingskritearia

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, moat oan de neikommende kritearia foldien wurde:

- a. it iepenloftspul wurdt út de lokale mienskip wei ta stân brocht;
- b. professionals, dy't op grûn fan harren oplieding of wurkûnderfining oanwiisber de feardichheden en it ynsjoch hawwe om kwalitatyf heechsteand wurk te leverjen, coache en begeliede de útfierende persoanen;
- c. de produksje wurdt opfierd yn de simmermoannen en slút oan op de datum fan de subsydzjeferliening;
- d. de produksje wurdt yn de lokale mienskip opfierd;
- e. taskôgers wurdt om yntreejild frege.

Kêst 3.4.8 Subsidiabele kosten

1. Ûnfermindere wat dêr yn kêst 1.10 fan de ASV en yn kêst 3.4.9 fan dizze regeling oer fêststeld is, komme, foarsafier't soks needsaaklik en gaadlik is, foar subsydzje yn 'e beneaming:
 - a. kosten foar it brûken fan de lokaasje;
 - b. tariedingskosten;
 - c. produksjekosten.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydzje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslaggen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.

Kêst 3.4.9 Net-subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't makke binne foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- b. reis- en ferbliuwskosten;
- c. net-foarsjoene of net-spesifisearre kosten;
- d. ynvestearrings.

Kêst 3.4.10 Hichte subsydzje

It subsydzje bedraacht op syn meast 50% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 5.000.

Kêst 3.4.11 Ferdielsystematyk

1. Deputearre Steaten oarderje de oanfragen dy't foar subsydzjeferliening yn 'e beneaming komme sadanich dat in oanfraach heger oardere wurdt neigeraden dat dy mear foldocht oan de oanbelangjende hifkingskritearia yn ferhâlding ta de oare oanfragen.
2. Oanfragen wurde op grûn fan de neikommende kritearia hifke:
 - a. it nivo fan artistike kwaliteit fan it plan, mei it each op:
 - 1°. yn hoefier't it oarspronklik is: de eigenens en de dúdlik waar te nimmen artistike sinjatuer fan de produksje;
 - 2°. yn hoefier't it sizzenskrêft hat, yn hoefier't de aktiviteit it publyk oansprekt en it de makkers slagget om it publyk te reitsjen, te prikelfjen of te ferrassen.
3. Foar de oardering hifkje de neamde kritearia like swier.
4. De advyskommissje Kultuer dy't Deputearre Steaten ynsteld hawwe, advisearret oer de oardering fan de oanfragen.
5. Deputearre Steaten stelle foar de advyskommissje in reglemint fêst.
6. Deputearre Steaten ferparsje it beskikbere bedrach yn de folchoarder fan de oardering. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar oanfragen, dy't like heech oardere binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.
7. It komt net ta in oardering fan oanfragen as it maksimaal beskikber te stellen subsydzjebedrach leger is as it subsydzjeplafond.

Kêst 3.4.12 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Oan de subsydzjeûntfanger wurdt yn alle gefallen de ferplichting oplein dat:

- a. oanwiisber alle war dien wurde moat om lokale en regionale publisiteit foar de produksje te befoarderjen;
- b. de kommunikaasjemiddels, ornearre foar it berikken fan it publyk, yn alle gefallen yn de Fryske taal steld wurde;
- c. de útfierende persoanen fan it iepenloftspul foar it meastepart út de lokale mienskip komme.

Kêst 3.4.13 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsidzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsidzjefêststelling in beskikking ta subsidzjeferliening foarôfgiet.
2. De subsidzjeûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsidzje foar beskikber steld is, útfierd is en hoe't oan de ferplichtings foldien is dy't mei de subsidzjefêststelling anneks binne.

L .

Paragraaf 3.5 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 3.5 Utkeap teater en muzyk

Kêst 3.5.1 Doel

Dizze subsidzjeregeling hat te'n doel om it útkeaprisiko fan programmearjende ynstânsjes yn Fryslân te ferleegjen, om dêrmei de kwaliteit en it ferskaat fan poadiumkeunstfoarstellings te stimulearjen en it publyksberik foar poadiumkeunsten te fergrutsjen.

Kêst 3.5.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsidzje kin foar it útkeapjen fan in foar it publyk tagonklike útfiering fan poadiumkeunsten beskikber steld wurde.

Kêst 3.5.3 Doelgroep

1. Subsidzje wurdt inkeld en allinne oan útkeaporganisaasjes en kulturele sintra beskikber steld, dy't yn it rinnende kalinderjier op syn minst trije foarstellings op ôfsûnderlike data programmearje.
2. Allinnich oanfreger sûnder winsteachmerk, dy't finansjeel einferantwurdlik binne foar de programmearring fan de oanbelangjende produksje, komme foar subsidzje yn 'e beneaming.

Kêst 3.5.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsidzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't dêr troch Deputearre Steaten foar fêststeld is.
2. Subsidzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsidzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 3.5.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsidzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 3.5.6 Wegeringsgrûnen

In subsidzje wurdt wegere as:

- a. de aktiviteit, neffens de begrutting dy't by de oanfraach oerlein is, ek sûnder subsidzje útfierd wurde kin;
- b. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is;
- c. oan de oanfreger yn de oanbelangjende oanfraachperioade al in subsidzje op grûn fan dizze paragraaf of ien fan de oare paragrafen fan de Subsidzjeregeling Kultuer en Mienskip Fryslân beskikber steld is.

Kêst 3.5.7 Hifkingskritearia

Om foar subsidzje yn 'e beneaming te kommen wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

- a. De aktiviteit wurdt net earder útfierd as twa wike nei't de oanfraach yntsjinne is;
- b. De begrutte kosten foar de poadiumkeunstfoarstelling binne op syn minst € 250 heger as de begrutte opbringsten;
- c. Der wurdt in tagongspriis fan op syn minst € 5 de man frege.

Kêst 3.5.8 Ferdielsystematyk

1. Subsidzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsidzje-oanfragen. De datum dat de oanfraach folslein is, jildt dêrby as datum fan ynkommen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsidzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsidzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 3.5.9 Subsidiabele kosten

1. Foar subsidzje komme yn 'e beneaming:

- a. alle kosten dy't streekrjocht te krijen hawwe mei de útkeap fan de foarstellings de kosten foar útkeapsom(men) en brutogaazjes fan de selskippen.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydzje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslaggen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oeren.

Kêst 3.5.10 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme yn alle gefallen net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten dy't foar it yntsjinjen fan de oanfraach makke binne;
- b. kosten foar iten en drinken;
- c. kosten foar begelieding;
- d. net-foarsjoene of net-spesifisearre kosten.

Kêst 3.5.11 Hichte subsydzje

1. It subsydzje foar elke ôfsûnderlike foarstelling bedraacht op 'en heechsten de subsidiabele kosten, fermindere mei de opbringsten en oare ynkomen.
2. It subsydzje as bedoeld yn it earste lid bedraacht nea mear as:
 - a. 30% fan de subsidiabele kosten;
 - b. € 750 deis foar in ôfsûnderlike foarstelling.
3. It subsydzje per oanfreger bedraacht op syn meast € 2.500 foar in rige foarstellings dy't yn itselde kalinderjier opfierd wurde.

Kêst 3.5.12 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsydzje wurdt fêststeld sûnder dat oan de beskikking ta subsydzjefêststelling in beskikking ta subsydzjeferliening foarôfgiet.
2. De subsydzje-ûntfanger lit, as him dêrom frege wurdt, nei in yn de beskikking neamde termyn, sjen dat de aktiviteit dêr't subsydzje foar beskikber steld is, útfierd is en hoe't oan de ferplichtings foldien is dy't mei de subsydzjefêststelling anneks binne.

Haadstik 4 U nderwiis

M .

Paragraaf 4.1 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 4.1 Meartaligens yn it ûnderwiis

Kêst 4.1.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om aktiviteiten te stypjen dy't ornearre binne om meartaligens yn it ûnderwiis yn de provinsje Fryslân te befoarderjen.

Kêst 4.1.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin foar de neikommende aktiviteiten beskikber steld wurde:

- a. foar de sektor Vroeg- en Voorschoolse Educatie (VVE) it basisûnderwiis (spesjaal ûnderwiis dêryn begrepen):
 - 1°. it ûntwikkeljen fan foarljochtingsmateriaal;
 - 2°. it ûntwikkeljen fan lesmateriaal en -metoaden.
- b. foar it fuortset ûnderwiis, de agraryske opliedingssintra (AOC), hegeskoallen en regionale opliedingssintra (roc's):
 - 1°. it ûntwikkeljen fan in taalbeliedsplan foar in skoalle, mei dêryn opnommen it belied foar it brûken fan de Fryske taal;
 - 2°. it ûntwikkeljen fan foarljochtingsmateriaal;
 - 3°. it ûntwikkeljen fan lesmateriaal en -metoaden
 - 4°. projekten om it fak Frysk te stimulearjen en fierder te ûntwikkeljen.
- c. it útfieren fan wittenskiplik (ûnderwiis)ûndersyk op it mêd fan Vroeg- en Voorschoolse Educatie (VVE), basis- en fuortset ûnderwiis.

Kêst 4.1.3 Doelgroep

Subsydzje wurdt inkeld en allinne oan in rjochtspersoan mei folslein rjochtsfoech beskikber steld.

Kêst 4.1.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin ynstjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 4.1.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 4.1.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt wegere as:

- a. de hichte fan it frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- b. it projekt nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn organisatoaryske, finansjele of technyske sin net helber is.

Kêst 4.1.7 Hifkingskriteerariums

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

- a. it projekt past yn it ramt fan de doelstellings fan it troch Provinsjale Steaten fêststelde ûnderwiisbelied;
- b. de subsydzjeûntfanger hat oanwiisbere saakkundigens op it mêd fan meartaligens yn it ûnderwiis op it stik fan oplieding, begelieding en ûnderwiisûntwikkeling.

Kêst 4.1.8 Subsidiabele kosten

1. Foarsafier't it needsaaklik en gaadlik is yn ferbân mei it doel fan it subsydzje, komme de neikommende kosten foar subsydzje yn 'e beneaming:
 - a. de nei it oardiel fan Deputearre Steaten yn ridlikens te meitsjen kosten om in aktiviteit út te fieren, útsein de kosten dy't yn kêst 4.1.9 neamd wurde;
 - b. kosten foar de technyske ûntwikkeling fan digitaal lesmateriaal en -metoaden.
2. Foarsafier't leankosten foar subsydzje yn 'e beneaming komme, wurde de kosten berekkene op grûn fan it brutolean neffens de leansteat fan de oanbelangjende meiwurker, ferhege mei de opslaggen dy't wetlik fêstlein binne of dy't, op grûn fan in cao, foar sosjale lesten betelle wurde moatte, sa bedoeld dat útgien wurdt fan 1.650 produktive oeren jiers by in wurkwike fan 40 oere.
3. Opbringsten fan de aktiviteit wurde by de fêststelling fan it subsydzje op de subsidiabele kosten yn mindering brocht.

Kêst 4.1.9 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten foar it jaan fan ûnderwiis;
- b. net-foarsjoene kosten;
- c. it drukken en fersprieden fan lesmateriaal en -metoaden.

Kêst 4.1.10 Hichte subsydzje

1. De hichte fan it subsydzje bedraacht 100% fan de subsidiabele kosten.
2. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub a, ûnder 1° bedraacht it maksimale subsydzje € 25.000;
3. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub a, ûnder 2° bedraacht it maksimale subsydzje € 50.000;
4. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub b, ûnder 1° bedraacht it maksimale subsydzje € 10.000;
5. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub b, ûnder 2° bedraacht it maksimale subsydzje € 25.000;
6. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub b, ûnder 3° bedraacht it maksimale subsydzje € 150.000;
7. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub b, ûnder 4° bedraacht it maksimale subsydzje € 10.000;
8. Foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.1.2, sub c, bedraacht it maksimale subsydzje € 150.000.

Kêst 4.1.1 1 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 4.1.1 2 Ferplichtings fan de subsydzjeûntfanger

Oan de subsydzeûntfanger kinne ferplichtings oplein wurde oangeande:

- a. it al as net om 'e nocht hielendal of foar in part iepenbier meitsjen fan it resultaat of de resultaten fan de aktiviteit;
- b. it al as net om 'e nocht oerdragen fan de yntellektuele eigendomsrjochten op it resultaat of de resultaten fan de aktiviteit oan de provinsje of treden;
- c. it al as net om 'e nocht leverjen fan in by subsydzeferliening neier te omskriuwen brûkersrjocht op it resultaat of de resultaten fan de aktiviteit oan de provinsje of oan treden;
- d. it al as net om 'e nocht ôfstân dwaan troch de subsydzeûntfanger – yn dat gefal dêryn ek it eigen personiel begrepen – of treden om him foar de brûkers fan it resultaat of resultaten fan de aktiviteit oer te beroppen op de subsydzeûntfanger of dy treden eventueel takommende rjochten op grûn fan kêst 25, sub a oant en mei c, Auteurswet;
- e. it al as net om 'e nocht beskikber stellen fan eksimplaren fan it resultaat of de resultaten fan de aktiviteit oan de provinsje of treden.

Kêst 4.1.1 3 Prestaasjeferantwurdig

De subsydzeûntfanger lit sjen dat de aktiviteiten útfierd binne, soks mei in ferslach fan de aktiviteiten mei dêryn in beskriuwing fan behelle resultaten.

Kêst 4.1.1 4 Steatsstipe

1. De oanfreger dy't in ûndernimming hat, heakket oan syn oanfraach in folslein ynfolde de-minimis ferklearring ta, om fêst te stellen oft it subsydze mei tapassing fan de-minimisstipe beskikber steld wurde kin.
2. In subsydze mei tapassing fan de-minimisstipe mei nea heger wêze as € 200.000 oer in perioade fan trije belestingjierren foar in ôfsûnderlike selsstannige ûndernimming en moat ek op oare wize oan de betingsten foar de-minimusstipe foldwaan.

Kêst 4.1.1 5 Befoarskoting en betelling

It foarskot bedraacht op syn meast 70% fan it takende subsydzebedrach.

N .

Paragraaf 4.2 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 4.2 Lesoeren Frysk yn it ûnderwiis

Kêst 4.2.1 Doel

It subsydze hat te'n doel om it tal minsken dat Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe kin tanimme te litten.

Kêst 4.2.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydze kin beskikber steld wurde foar:

- a. lesieren dy't ferbân hâlde mei it oanbieden fan it fak Frysk, mei yngong fan it twadde learjier yn it VO oant en mei it eksamenjier;
- b. lesieren dy't ferbân hâlde mei it oanbieden fan it Frysk yn in op it berop ôfstimde kontekst yn it middelber beropsûnderwiis en yn it fuortset ûnderwiis foar it skoaltype praktykûnderwiis.

Kêst 4.2.3 Doelgroep

Subsydze wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan skoallen yn Fryslân yn it fuortset ûnderwiis en middelber beropsûnderwiis, dêrûnder ek de regionale opliedingssintra, de agraryske opliedingssintra en yn it fuortset ûnderwiis foar it skoaltype praktykûnderwiis.

Kêst 4.2.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydze kin ynstjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is, foarôfgeand oan it skoaljier dêr't it subsydze foar frege wurdt.
2. In oanfraach foar subsydze wurdt wegere as dy ynkommen is bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 4.2.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydze wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 4.2.6 Hifkingskritearia

1. Om foar in aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder a, foar subsydze yn 'e beneaming te kommen, wurdt oan de neikommende kritearia foldien:
 - a. de oanfraach hâldt inkeld en allinne ferbân mei ien of mear fan de neikommende learjierren:

- 1°. learjier 2, 3 en 4 vmbo;
- 2°. learjier 2, 3, 4 en 5 havo;
- 3°. learjier 2, 3, 4, 5 en 6 vwo.
- b. de oanfreger biedt alle learlingen fan it earste learjier it fak Frysk oan;
- c. de lessen Frysk wurde fersoarge troch in dosint mei in foech of troch in dosint dy't yn it ramt fan it neiopliedingsplan fan de oanfreger dwaande is om it oanbelangjend foech te beheljen of dêrmei dwaande sil;
- d. de groepsgrutte yn de learjierren 2 vmbo, 2 en 3 havo en 2, 3 en 4 vwo foar it fak Frysk is op syn minst tsien learlingen.
2. Om oan it kritearium as bedoeld yn it earste lid, ûnder d, foldwaan te kinnen, binne yn ien skoallemienskip of tusken twa skoallemienskippen de neikommende kombinaasjemooglikheden tastien:
 - a. it kombinearjen fan vmbo-learlingen út ferskate learrûtes, mits út itselde learjier;
 - b. it kombinearjen fan vmbo-leerlingen fan twa opinoar folgjende learjierren;
 - c. it kombinearjen fan learlingen fan opinoar folgjende learjierren yn havo en vwo;
 - d. it kombinearjen fan learlingen fan opinoar folgjende learjierren yn vmbo en havo.
3. Om foar in aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder b, foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen moat de groepsgrutte op syn minst fyftjin learlingen wêze, besteande út:
 - a. learlingen út deselde learrûte en fan itselde lear- of ferbliuwsjier en nivo;
 - b. learlingen út ferskate learrûtes, mar út itselde learjier, ferbliuwsjier of nivo; of
 - c. learlingen fan twa opinoar folgjende lear- of ferbliuwsjierren of nivo's.

Kêst 4.2.7 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen. De datum dat de oanfraach folslein is, jildt dêrby as datum fan ynkommen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 4.2.8 Subsidiabele kosten

1. Subsydzje wurdt inkeld en allinne beskikber steld foar op syn meast twa lesieren yn 'e wike foar ien learjier.
2. Oars as yn it earste lid oanjûn is, wurdt foar de learjierren 3 en 4 vmbo, 4 en 5 havo en 5 en 6 vwo subsydzje beskikber steld foar it tal lesieren yn 'e wike mei-inoar dat yn it ramt fan it eksamenprogramma it fak Frysk jûn wurdt.
3. As de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder b, minder as 15 wike foar in ôfsûnderlike groep fan learlingen útfierd wurdt, wurdt oars as yn it earste lid oanjûn is, op syn meast ien lesiere yn 'e wike foar in ôfsûnderlike groep fan learlingen subsidiearre.

Kêst 4.2.9 Hichte subsydzje

1. De hichte fan it subsydzje foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder b, bedraacht € 1.400 foar in ôfsûnderlik learjier by lesieren fan 50 minuten.
2. De hichte fan it subsydzje foar de aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder b, bedraacht op syn meast € 1.100 foar in ôfsûnderlik ûnderwiisblok by lesieren fan 50 minuten.
3. De hichte fan it subsydzje wurdt nei evenredigens oanpast, as de oanfreger lesieren draait dy't koarter of langer as 50 minuten binne.

Kêst 4.2.10 Ferplichtings

1. Deputearre Steaten lizze by de subsydzjeferliening foar in aktiviteit as bedoeld yn kêst 4.2.2, ûnder a, as ferplichting op dat it fak Frysk yn it learjier, dêr't subsydzje foar oanfrege wurdt, foar de doer fan in folslein skoaljier ûnderwiisd wurdt.
2. Oan de subsydzjefreger wurdt de ferplichting oplein dat er, nei ôfrin fan it learjier in rapportaazje oanleveret dêr't út bliken docht hoe't de aktiviteit útfierd is.
3. Foar de rapportaazje as bedoeld yn it twadde lid wurdt gebrûk makke fan it rapportaazjeformulier dat de provinsje foar dat doel beskikber steld hat.

Haadstik 5 Sport

O .

Paragraaf 5.1 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 5.1 Grutskalige sporteveneminten

5.1 Grutskalige sporteveneminten

Kêst 5.1.1 Doel

It subsidyzje hat te'n doel om de organisaasje fan grutskalige sporteveneminten te befoarderjen, soks om de sportpartisipaasje yn Fryslân te fergrutsjen.

Kêst 5.1.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar:

- a. in ynternasjonaal sportevenemint;
- b. in topsportevenemint;
- c. in breedtesportevenemint.

Kêst 5.1.3 Doelgroep

Subsydzje wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan in rjochtspersoan mei folslein rjochtsfoech.

Kêst 5.1.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsidyzje kin yntsjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsidyzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 5.1.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsidyzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 5.1.6 Wegeringsgrûnen

In subsidyzje kin wegere wurde as:

- a. de aktiviteit ek sûnder subsidyzje útfierd wurde kin;
- b. de aktiviteit ferbân hâldt mei in útwikselingsprogramma, de reguliere kompetysje fan de feriening, al as net yn ynternasjonaal ferbân of play-offwedstriden;
- c. de hichte fan it frege subsidyzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- d. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is.

Kêst 5.1.7 Hifkingskritearia

Om foar subsidyzje yn 'e beneaming te kommen, wurdt oan de neikommende kritearia foldien:

1. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 5.1.2, earste lid:
 - a. de aktiviteit wurdt yn de provinsje Fryslân útfierd;
 - b. de aktiviteit is foar it publyk tagonklik;
 - c. by de aktiviteit giet it om in erkende sport;
 - d. der binne op syn minst 100 dielnimmers;
 - e. op syn minst 25% fan de dielnimmers komt út it bûtenlân;
 - f. by it evenemint binne op syn minst seis lannen fertsjintwurdige;
2. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 5.1.2, twadde lid:
 - a. de aktiviteit wurdt yn de provinsje Fryslân útfierd;
 - b. de aktiviteit is foar it publyk tagonklik;
 - c. by de aktiviteit giet it om in erkende sport;
 - d. der binne op syn minst 100 dielnimmers;
 - e. op syn minst 50% fan de dielnimmers wennet net yn Fryslân;
3. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 5.1.2, tredde lid:
 - a. de aktiviteit wurdt yn de provinsje Fryslân útfierd;
 - b. de aktiviteit is foar it publyk tagonklik;
 - c. by de aktiviteit giet it om in erkende sport;
 - d. der binne op syn minst 1.500 dielnimmers;

Kêst 5.1.8 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsidyzje-oanfragen. De datum dat de oanfraach folslein is, jildt dêrby as datum fan ynkommen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsidyzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsidyzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 5.1.9 Net subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsidyzje yn 'e beneaming:

- a. reis- en ferbliuwskosten, útsein reis- en ferbliuwskosten foar sjueryleden en skiedsrjochters;
- b. kosten makke foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- c. ynvestearings;
- d. kosten foar catering, lunches of diners, útsein de cateringkosten foar de frijwilligers, sjueryleden en skiedsrjochters by it evenemint;
- e. kosten foar muzyk- en feestaktiviteiten;
- f. personielskosten, útsein in fergoeding foar sjueryleden en skiedsrjochters en it ynhiere fan fakminken foar ûnderdielen dy't net troch frijwilligers útfierd wurde kinne.

Kêst 5.1.10 Subsidiabele kosten

Ûnfermindere wat dêr yn kêst 1.10 fan de ASV en yn kêst 5.1.9 oer fêststeld is, komme alle kosten, foarsafier't soks needsaaklik en gaadlik is, foar subsydzje yn 'e beneaming.

Kêst 5.1.11 Hichte subsydzje

1. De hichte fan it subsydzje bedraacht op syn meast 25% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 5.000;
2. De hichte fan it subsydzje bedraacht op syn meast 25% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 30.000 as de subsidiabele aktiviteit op syn meast fjirtjin dagen sûnder ûnderbrekings duorret en in oanwiisbere lokale ekonomyske ympuls teweibringt.

P.

Paragraaf 5.2 wurdt wizige, sadat dy der sa út komt te sjen:

Paragraaf 5.2 Fryske sporten

Kêst 5.2.1 Doel

It subsydzje hat te'n doel om de organisaasje fan eveneminten en clinics op it mêd fan de Fryske sporten te befoarderjen, soks om de partisipaasje oan de Fryske sporten te fergrutsjen.

Kêst 5.2.2 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin beskikber steld wurde foar:

- a. in sportevenemint op it mêd fan de Fryske sporten;
- b. in sportclinic op it mêd fan de Fryske sporten.

Kêst 5.2.3 Doelgroep

Subsydzje wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan in rjochtspersoan mei folslein rjochtsfoech.

Kêst 5.2.4 Oanfraachperioade

1. In oanfraach foar subsydzje kin ynstjinne wurde yn in oanfraachperioade dy't troch Deputearre Steaten fêststeld is.
2. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 5.2.5 Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch de wei fan in oanfraachformulier dat Deputearre Steaten fêststeld hawwe.

Kêst 5.2.6 Wegeringsgrûnen

In subsydzje kin wegere wurde as:

- a. de aktiviteit ek sûnder subsydzje útfierd wurde kin;
- b. de aktiviteit ferbân hâldt mei in útwikselingsprogramma, de reguliere kompetysje fan de feriening, al as net yn ynternasjonaal ferbân of play-offwedstriden;
- c. de hichte fan it frege subsydzje net yn ferhâlding stiet ta de beëage resultaten fan it projekt;
- d. der in grûndearre reden is dat de aktiviteit yn organisatoaryske, technyske, finansjele of ekonomyske sin net helber is.

Kêst 5.2.7 Hifkingskritearia

1. Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen wurdt oan de neikommende kritearia foldien:
 - a. de aktiviteit wurdt yn de provinsje Fryslân útfierd;
 - b. de aktiviteit is foar it publyk tagonklik;
 - c. oan de aktiviteit dogge op syn minst 75 dielnimmers mei út op syn minst trije doarpen of stêden.
2. Foar de aktiviteiten, bedoeld yn kêst 5.2.2, ûnder b, jildt yn oanfolling op it foargeande lid dat de clinic op syn meast seis moanne duorret.

Kêst 5.2.8 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan de subsydzje-oanfragen. De datum dat de oanfraach folslein is, jildt dêrby as datum fan ynkommen.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen, dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 5.2.9 Niet subsidiabele kosten

De neikommende kosten komme net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. reis- en ferbliuwskosten, útsein reis- en ferbliuwskosten foar sjueryleden en skiedsrjochters;
- b. kosten makke foar it yntsjinjen fan de oanfraach;
- c. ynvestearings;
- d. kosten foar catering, lunches of diners, útsein de cateringkosten foar de frijwilligers, sjueryleden en skiedsrjochters by it evenemint;
- e. kosten foar muzyk- en feestaktiviteiten;
- f. personiëlskosten, útsein in fergoeding foar sjueryleden en skiedsrjochters en it ynhieren fan fakminken foar ûnderdielen dy't net troch frijwilligers útfierd wurde kinne.

Kêst 5.2.10 Subsidiabele kosten

Ûnfermindere wat dêr yn kêst 1.10 fan de ASV en yn kêst 5.2.9 oer fêststeld is, komme alle kosten, foarsafier't soks needsaaklik en gaadlik is, foar subsydzje yn 'e beneaming:

Kêst 5.2.11 Hichte subsydzje

1. De hichte fan it subsydzje bedraacht op syn meast 35% fan de subsidiabele kosten, mei in maksimum fan € 5.000,-.
2. By in oanfraach fan op syn minst seis sporteveneminten bedraacht it subsydzje, oars as wat yn it earste lid oanjûn stiet, op syn meast 35% fan de subsidiabele kosten mei in maksimum fan € 20.000,-.

Kêst II

1. Dizze wizigingsregeling giet yn mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal Blad dêr't de regeling yn setten wurdt.
2. Op oanfragen foar subsydzje dy't ynkommen binne foar de datum fan de yn it earste lid bedoelde datum, is de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân fan tapassing, sa't dy wie foar it yngean fan dizze wizigingsregeling.